

**‘Myn sang  
is fan it âlde hûs’**

BYSKRIFTEN nûmer 6

Tresoar  
Ljouwert 2011

'Myn sang is fan it âlde hûs'

## **BYSKRIFTEN**

is in rige lytse útjeften fan nijsgjirrige dokuminten út de Fryske literatuer, dy't yn in beheinde oplaach fermannichfâldige en yn de hannel brocht wurde troch Tresoar, Frysk Histoarysk en Letterkundich Sintrum  
ISSN 0925-0468

# **‘Myn sang is fan it âlde hûs’**

In blomlêzing út de publisearre fersen fan Rely Jorritsma mei in ynlieding oer syn libben en wurk, de tekst fan syn testamint en in oersjoch fan it literêre wurk, dat yn de nei him neamde priisfragen bekroand waard tusken 1954 en 1993.

Utwreide mei resinte gegevens oant 2013.

BYSKRIFTEN nûmer 6  
foar de earste kear yn 1993 útjûn by gelegenheid  
fan de útstalling *Rely en syn relly* yn it Frysk Letterkundich Museum en  
Dokumintaasjesintrum

Tresoar  
Ljouwert



## **Komôf en famylje**

Aurelius Hotze Theodorus Jorritsma waard op 11 febrewaris 1905 as earste bern berne út it houlik fan Hotze Theodorus Aurelius' Jorritsma (Nijlân, 1869 - Nijmegen, 1942) en Emilie Catharina Rappard (Tiel, 1882 - Nijmegen, 1934). Nei Rely kaam der op 3 juny 1908 in famke te wrâld, dat de nammen Emilie Catharina krige, mar meastentiids 'Baty' neamd waard.

Rely syn heit, in soan fan Aurelius Hotzes Jorritsma (Rie, 1841 - Nijlân, 1895) en Sjoerdje (Sjuttje Aukes) Breeuwsma (Nijlân, 1842 - Snits, 1900) hie yn 1897 it hûs yn Jellum al kocht, mar hy fêstige him net earder as op 14 maaie 1900 (nei it ferstjerren fan syn mem) offisjeel yn de gemeente Baarderadiel. Oant 12 maaie 1900 wenne de widdo D.W. Hoekstra-Winkler yn syn hûs. In soan fan har bleau dêr oant juny 1900 ta.

Doe't Hotze Jorritsma op 15 augustus 1903 yn Weidum troude, libben syn beide âlden al net mear. Fan har moat er in grut fermogen urven hawwe. In omke fan sines, Menno Hotzes Jorritsma, kaam yn 1880 as studint yn de letteren te Leiden te ferstjerren en liet doe lân nei mei in wearde fan f 108.707,58. Rely syn pake wie yn dy tiid kantonrjochter yn Boalsert. Ek Rely syn heit hat (yn Grins) rjochten studearre, neidat er yn Snits op it gymnasium west hie. Doe't er it hûs yn Jellum kocht, waard optekene, dat er kandidaat yn de rjochten wie; yn de trou-akte stiet, dat er sûnder berop is. Jeie, strykjildskriuwe, it weidzjen fan lammen en dêryn hannelje en in bytsje foar de ferdivedaasje piele mei hinnebuorkerij, dat hawwe syn beuzichheden yn Jellum west. Hy hat der mear jild by ferspille as dat er dermei fertsjinne. As wenplakken steane foar Hotze Jorritsma tusken 1897 en 1900 noteard: Soest, Jutphaas en Diepenveen. Yn dat lêste doarp is er yn 'e kunde kommen mei syn lettere frou, in dochter fan de pensjonhâlder by wa't er syn yntrek nommen hie.

Doe't er him nei wenjen set hie yn syn eigen hûs yn Fryslân en dêr sa'n bytsje de jonkerboer spile, as wied er de hear fan it âlde (yn 1856 ôfbrutsen) Jellumer Mammemastate, krige er ferlet fan help. Op 21 juny 1900 kamen de doe omtrint 18-jierrige Emilie Rappard en har 4 jier jongere broer Care Emil út Diepenveen wei by him yn tsjinst as respektivelik 'meid' en 'knecht', sa't it yn it befolkinsregister neamd wurdt. Op 29 jannewaris 1902 komt Friedrich Wilhelm Rappard (in âldere broer) út Gorssel wei dêr't de âlden ûnderwilens hinne ferhuze wiene, om Care Emil op te folgjen dy't op 5 maart nei Gorssel

ôfstekt. Hoe lang Friedrich bleaun is, is net optekene yn it register. Hotze en Emilie trouden op 15 augustus 1903. As tsjûgen fungearje in sekretary-amtner en twa fjildwachters, wat der op wize kinne soe, dat broer Friedrich doe al net mear by har wenne.

Yn de houliksakte wurdt ek Rely syn mem as 'zonder beroep' beskreaun. Hja is de dochter fan Gustav Adolph Rappard en Emilie Friedricke Hermiene Gertrude Catharina Theissen dy't beide yn Dútslân berne binne. Dy pake en beppe fan memmekant kin Rely noch goed kend hawwe. Hja binne pas yn 1917, respektivelik 1921 stoarn. Oft der folle kontakt west hat, witte wy net: sa lang't hja noch yn Gorssel wennen, libben de Jorritsma's yn Fryslân. Rely syn âlden ferfearen yn 1922, wierskynlik troch jildsoargen twongen, nei Nijmegen. Hy noteart earne, dat syn heit him wolris ferteld hie, dat er mei in trijekwart dronken kop 'de Sociëteit te Sneek' kocht hie en om dat bestuiverje te kinnen 'Veldzicht' fan de hân dwaan moast. Dat Rely syn mem graach nei Gelderlân werom wollen hat, kin in rol spile hawwe. Ut Jellum wei hat hja ek gauris langere skoften yn pensjons tahâlden, sawol oan it strân (op Flylân ûnder oare) as op 'e Feluwe. Om redenen fan sûnens, mar wierskynlik it meast, omdat hja ûngelokkich wie yn har houlik en net mei har man ferkeare koe. Hja libben nei de berte fan Baty min of te mear apart yn itselde hûs.

Rely hat fan doel west in roman te skriuwen oer it libben fan syn mem: 'Het leven van Emmy Berg'. Yn in notysjeboekje binne de opset en in koarte gearfetting bewarre bleaun. It boek moat gean oer: 1. haar jeugd (hja mocht net leare lykas har âldere susters), 2. haar huwen (der kaam in studint as gast yn it pensjon, mei wa't it 16-jierrige famke faak kuiere. Doe't er ôfreizge wie nei Fryslân, briefken hja meiïnoar. Emmy rûn fuort fan hûs, waard syn húshâldster en troude mei de studint), 3. haar huwelijksleven, 4. haar liefde en 5. haar sterven. Under punt 3. skriuwt Rely: "Ze was eenzaam. Hij was weg en dronk. Wat moest er van haar kind worden?". Dêr moat - yn in nutedop - it drama fan it ûngelokkige houlik en it (yn it maatskiplike) mislearjen fan de soan wol sawat mei sein wêze.

Rely hat him ek jierren nei it ferstjerren fan syn mem noch faak mei har dwaande hâlden. Yn 1940 noteart er: "Mamke is helemaal vernield en daar afgebroken in het Friese dorpje. Nee. Mamke's vroegste land was een eiland - in Friesland - en Mamke's land had ik lief - dat jeugdland. Dat was mijn dichten. Toen Mamke stierf was ik er uit." Mei syn mem hat er grif in sterke bân hân. In jier earder hied er al ris dichte:

*Mijn moeder is de enigste  
misschien  
wiens ziel de mijne kan  
geleiden in het heelal  
als d' uren breken als noodloos glas  
voor 't eeuwig zijnde.*

It langstme nei it âlde hûs is ferbûn mei it fertriet om har ferstjerren.

*âld portret*

*ik kin de bank net ferjitte  
by myn âldershûs  
en de beammen harren grien gerûs  
en de stiennen brún en broas  
en it finster dûnker en hol  
en myn mem bleek fan leed oerfol  
har tsjuster útsjen dat ik net ferjitte wol.*

Fan syn heit hat Rely tige meilibjende brieven bewarre út de tiid, dat er yn Antwerpen by in skilder yn de lear wie, mar jo krije dochs de yndruk, dat hja yn folslein ferskillende wrâlden libbe hawwe. As bern hat Rely bang west fan de man dy't faak dronken wie en gau mei syn sjitark ree stie, ek al wie dat meastentiids allinne om de wille dy't er belibbe, as er minsken de skrik op 'e lea jeie koe. Der binne tal fan ferhalen bewarre oer syn 'nocht oan ûnnocht', oer leverânsiers dy't er by him thús komme liet om ôf te rekkenjen en op wa't er dan syn gewear rjochte, sadat hja troch de glêzen hinne in ûntwyk sochten, oer de trekpôt dêr't er in skot troch hinne jage, as er fûn, dat syn frou te lang sitten hie te kofjedrinken mei har besite, oer de pôtkarre dy't er kocht mei de frou fan de sutelder derby, oer de koetsier dy't er te fiter hie, troch ûnderweis út te stappen en de man mei it lege rydtúch nei Jellum ride te litten, dêr't er him - as wie er in geastferskinning - wer yn 'e mjitte rûn, neidat er sels de trein nommen hie. It lykje studintestreden fan ien, dy't oaren fiele litte woe, dat er mei syn jild macht oer har útoefenje koe. Hy hat lykwols ek aardige trekken hân: sa liet er bygelyks wolris fergees in draaimûne draaie foar de Ljouwerter bern fan it Leger des Heils yn syn moaie parkeftige tún, dy't er troch Bosgra fan Burgum oanlizze litten hie yn de styl fan it eardere hûf fan Mammemastate.

"Unrêstige jeugd yn 't âldershûs -" sa karakterisearret de dichter it koartwei yn 1939 op it formulier fan de Fryske Akademy, dat er ynfollet foar in biografy-projekt.

Faaks hat Rely it net-harmoanyske yn syn aard fan syn heit skipe. Syn artistisiteit sil er earder fan syn mem meikrigen hawwe. Fan har fertelt er, dat hja foar har houlik dwaande west hie in roman te skriuwen, dy't hja letter, doe't hja húsfrou wurden wie, ferskuord hat. "Papke ziet mijn toekomst donker in. Ik speculeer op connecties en lesgeven", skriuwt Rely yn syn deiboek fan 1935, neidat er út Antwerpen wer thús kommen is. Dichterlik ferwurket er it petear mei syn heit sa:

*Heit docht de dûnkere drip yn myn wyn  
dy makket dat ik in wei op ierde fyn...  
dat ik sels moat - libje ferantwurdzje  
mei in djipper en sûmberder gewisse.*

Syn mem is dan al ferstoarn en hy wennet wer yn it hûs fan syn heit, mar fierder op himsels. Heite húshâldster set syn iten foar de doar fan syn keamer del, omdat er net mei de man oan tafel sitte wol.

Yn reäksje op de 'wylde' wize fan libjen fan syn heit is Rely sober: hy is fegetariër, in skoft lang ûnthâlder en lid fan de Rein Leven-Beweging. "Ik hou van je, maar je denkt te veel na," moat syn heit ris tsjin him sein hawwe. Yn deselde snuorje (om de 70e jierdei fan Heit hinne) skriuwt Rely it folgjende fers oer him:

*De mens*

*Wat denkt de een toch weinig  
aan de ander  
De vader wiens eer in de zoon leeft  
Hij is alleen: legt zijn grijs hoofd te ruste  
Nu denk ik hem daar  
op z'n oude bed na een spitse dag.  
Eens verdwijnen ze, die dagen  
Dan is er het kortstondig  
wachten voor de avond niet meer  
Komt ie niet meer, zoekt ie me niet meer  
Hoef ik 'm niet meer te ontlopen*

*En dan is er geen wederkeer.*

Dochs hat it it oantinken oan syn heit west, dat him letter noch wolris oan it gewisse komt, as er him bewust wurdt, dat er net folle fan syn libben makket. Yn 1946 skriuwt er:

*'t Werom dat nimt de rimen oan  
't Werom komt út memoarjelân  
Ik wit it is myn heit yn my  
Hy ropt de takomst fan syn soan  
Hy ropt de omkear oan.*

Heit sil him syn loaiens wolris ferwiten hawwe. Yn it lange fers 'It Frysk fan de balling', dat er op 2 septimber 1950 opskriuwt, hyt it:

*It Frysk is fan it wurk yn my  
dat de lange rige fan myn  
foarâlden diene,  
skelt men my ek om myn loaiens  
Dy adel seinget my.*

De ferhâlding tusken Rely en syn iennige suster hat problematysk west. Jo krije de yndruk, dat it famke har better as har broer losmeitsje kinnen hat fan de spanningen yn 'e hûs en al jong har eigen wegen gien is. Hja hat in oplieding ta apotekers-assistinte folge en ek as sadanich wurke. Rely syn suster hat twa kear troud west. Mei har earste man, Raoul de Senerpont Domis, hat hja trije bern krigen. Earst in famke, Emilie, dat hiel jong stoarn is (yn 1931) en doe twa jonkjes Raoul Hotze (Ronnie), berne yn 1932 en Emile (Mieleke), berne yn 1942. Hja hat yn Ynje de oarloch oerlibbe, is letter skieden en doe foar de twadde kear troud. By Rely syn ferstjerren wenne hja as Mefrou Holmberg-Jorritsma yn Arnhem. Yn syn deiboek fan 1940 hat Rely fragminten skreaun fan in 'Roman van Baty en Rely'. Dêryn neamt Rely himsels 'de dromer' en syn suster 'de beslissende'.

## **Oplieding**

Rely hat neidat er seis jier leger ûnderwiis oan de doarpsskoalle fan Jellum-Bears folge hat, noch twa jier de gemeentlike skoalle 2 yn Ljouwert besocht as tarieding op de h.b.s.. Fan 1918-1920 stiet er ynskreaun oan it Ynstitút Poutsma yn de Weard yn Ljouwert en dêrnei hat er noch twa jier op de kostskoalle fan E.F.W. Brinkman, it ferneamde Ynstitút Hommes, yn Hoogezand west. It lêste h.b.s.-jier is Rely yn Nijmegen op skoalle. Syn learaar Nederlânsk is dêr M.A.P.C. Poelhekke, dy't in protte wurdearring hân hat foar syn opstellen. Hy hellet syn eksamen yn 1923.

Yn 1918 kocht syn heit in ezel foar him, doe't er sitten bleaun wie, wylst er him in hynder ûnthjitten hie, as er oergean soe. (By it boelguod op 'Huize Veldzicht' hat Pollo in nij ûnderkommen fûn by Tsjerk de Jong sr. yn Mantgum, dy't it bist kocht foar syn soan Tsjerk Johannes, de lettere foarsitter fan De Fryske Bibleteek.)

Ofsjoen fan dy iene kear, dat er sitten bleaun is, hat Rely de h.b.s. dochs flot dien makke. Yn Nijmegen hat er it stúdzjejjier 1924-1925 ynskreaun stien as studint Nederlânsk oan de R.K. Universiteit, neidat er op 16 septimber 1924 it gelok hân hie frij te lottsjen foar de militêre tsjinst. Ien fan syn dosinten wie dr. Jac. van Ginneken. Yn 1926 en 1927 folget er yn Arnhem in literêre leargong by dr. H. Moller. Nei't er yn 1929/30 as adspirant-sjoernalist oan it *Utrechtsch Dagblad* ferbûn west hat en yn de Domstêd ek noch in skoft as volontêr wurke hat yn de boekwinkel fan Broese komt er op 31 maaie 1931 yn Nijmegen werom.

*"Welbedankt voor de correcte opvoeding", zei ik tegen menheer Leeflang, skriuwt Rely yn syn deiboek. "t Heeft weinig resultaat opgeleverd," zei hij. Ik zei: "Dat kun je niet weten."*

Foarearst nimt er ôfskie fan de literatuer om him op tekenjen en skilderjen út te lizzen. Fan 1931 oant 1934 reizget er nei de Middelbere Tekenskoalle 'Kunstoefening' yn Arnhem, dêr't er yn 1932 syn l.û.-akte tekenjen hellet nei in eksamen yn De Haach. Yn 1934, nei it ferstjerren fan syn mem, sakket er foar it talittingseksamen fan de keunstakademy yn Amsterdam. Hy giet dan nei de akademy yn Antwerpen, mar jout rillegau de foarkar oan in partikuliere learmaster, dy't er fynt yn de keunstskilder Albert Thijs oan de Mechelse Steenweg. Hy wennet in skoft yn it 'Zeemanshuis' aan de Ankerrui. Op 20 july 1935 komt er út België wei wer thús by syn heit.

## Selsstannich bestean?

Ut de deiboeken en de oare neilitten papieren riist it byld op fan ien dy't net goed rjochting oan syn bestean wit te jaan. Yn de tiid dat Rely Nederlânsk studearret, is er oprjocht ynteressearre yn taal en taalferskynsels. Hy hat skriftenfol oantekeningen oer histoaryske foarmen en fergelikingen tusken talen makke. Yn de Uterter jierren komt er yn kontakt mei professor A.G. van Hamel en ferdjippet er him yn it Yslânsk en de literatuer fan it eilân. Letter is it Ierlân, dat him danich yn 'e besnijing krijt. Yn 1936 skriuwt er yn syn deiboek: "Mijn plan staat vast om als kunstschilder naar Ierland te gaan en in de kleuren van Erin te schilderen, hetgeen mij gelukken zal. En dat zal mijn bestaan zijn, dan heb ik Friesland niet meer nodig. Met de herinnering aan Mamke tijd ik naar Erin. Baty kan mij daar opzoeken." En as syn heit him yn 1939 freget, wat Rely neidat hysels stoarn wêze sil, wol, antwurdet er noch: "Nei Ierlân." Op it boppeneamde formulier foar it Fryske Biografy-projekt skriuwt er: "Foar Ierlân slacht myn hert like hurd as foar Fryslân (dêrmei bedoeld de literêre kultuer)." By it punt 'Libbensferrin' jout er op: "Nocht om alles op 't hiem nei te sneupen. Gjin nocht oan learen, wol begearich nei "ynsicht". Tusken twa poalen: skilderjen en skriuwen, dan wint de iene it wer, dan de oare wer." Hy hat 'dichterjierren' ("mijn gelukkige dichterjaren 1926 en 1927", "Mijn Friese literatuur 1924-1937 en 1946-1952") en 'skilderjierren'.

Yn Nijmegen hat er omgong mei in groep jonge keunstners mei wa't er û.o. yn 1935 eksposearret en ek in literêr tydskriftke útjout ûnder de titel *Zwarte Kraaien*. Ut syn Arnhimske stúdzje jierren stamme fersen dy't opnommen binne yn it blêd *Jonge Kunst* (1931 en 1932). Fierder publisearret er yn de *Leeuwarder Courant* (yn 1928, ûnder it pseudonym J.H. Boersma), *It Heitelân*, *Sljucht en Rjucht* en *De Holder* en yn *Regeneratie*. It lêstneamde tydskrift wie it periodyk fan de saneamde PIA-beweging, in praktysk-idealistske streaming dy't om 1915 hinne ek yn Fryslân gâns oanhing hie. Neffens oantekeningen fan G.A. Wumkes hat ek Douwe Kalma konneksjes hân mei dy beweging. Nei de oarloch hat Rely Jorritsma noch histoaryske bydragen levere oan de *Nijmeegse Courant* yn syn rubryk 'Tussen Maas en Rijn'. In echte baan hat er nei syn oanstellingen as adspirant en volontêr yn Utert nea wer hân. Faaks hawwe it mei de oarlochsomstannichheden west, dy't makke hawwe, dat er net rjocht ta syn doel kommen is yn it libben, mar (erflike) oanlis en famyljeomstannichheden hawwe, tinkt my, in gruttere rol spile.

Syn heit komt yn 1942 te ferstjerren. Rely moat de neilittenskip allinne berêde, omdat it kontakt mei syn suster yn Ynje ferbrutsen is. De Dútsers foarderje it hûs oan de Payensweg yn Nijmegen. De jonge Jorritsma wennet dan in skoft op de Bergweg. Letter bedarret er by in evakuaasje fan dat part fan de stêd yn Valkenburg. Nei de oarloch fynt er in tydlik thús yn de 'Weesinrichting Neerbosch' by Nijmegen, dêr't de Fries om utens Jac. de Vries de direkteur fan is. Yn 1946 krijt er in keamer yn de Grotestraat (nûmer 22) yn de âlde benedenstêd. Oer de jierren op dat adres noteart er: "Vijf jaren leefde ik in de grotten van de Grotestraat!" en op in oar plak: "Ik had die vier jaren (1946-1950) in de oude stad van Nijmegen niet willen missen, ik ben er innerlijk rijk geworden." It binne de jierren, dat er hyltyd mear allinne komt te stean, ienselvich en egosintrysk - ek eksintriker - wurdt. In fleurich kontakt hat er yn dy tiid mei de ferneamde hurdrydster út Makkingea, Ike Nienhuis, dy't er ek in kearmannich moetet. As hja trout, userlist wurdt de toan yn de brieven oars, mar hja hâldt him trou op 'e hichte fan har libben. Har earste bern krijt as tredde namme Aurelius. Dêr is Rely wiis mei. Yn syn deiboek skriuwt er, dat ek in oare freondinne fan him syn namme oan har bern jûn hie. Troch syn oantekeningen - ek yn alderhanne boeken - te lêzen krije jo in byld fan hoe't syn bestean yn de lêste jierren west hat. Hy eidet hyltyd wer syn libben oer, lêst syn âlde deiboeken troch, makket in protte notysjes yn de marzje en begiint rychjes op te tekenjen. Rychjes fan bysûndere jiertallen, rychjes fan de minsken mei wa't er briefket, rychjes fan de freondinnen ensafuorthinne. Hy skriuwt nammen ûnder elkoar, streket letters tsjin elkoar wei en wol op sa'n wize útfine wa't by wa past, hy gûchelt mei jiertallen om: koartsein syn tizen sirkelje yn lytse rûntsjes om syn eigen persoan hinne. Oanlis om mankelyk te wurden hied er al earder blyk fan jûn; yn 1939 skreau er yn syn deiboek:

*'k Ben op mijn kamer met mijn zwarte das om  
d' uitdagende lichte dingen heb ik weggedaan  
alleen de donkere zijn zeker  
en het tafelhout is beter dan het lichte tafelkleed  
alle dingen met pretentie  
heb ik in de kast geschoven  
In het duister weggesloten  
afgedaan  
't Helle zonlicht op de velden  
is niet 't mijne  
Ik ben van de kathedrale*



*ijlbewaaide olmenlaan  
't schroffe blad in gouden wazig nachtlucht  
en het huis met  
matbekalkte muren  
daar tel ik het laatste leven  
heelalbewust .. in 't eeuwig duren.*

En op 22 oktober 1949:

*Lit my mar in frjemden-ien wêze  
sa wie it ommers dochs yn feite  
berntsjes, famkes en mantsjes groetsje my  
Ik ha soarch inkeld om in bytsje lette sinne  
dy't te gau my ûntslûpe kin.*

Op 28 oktober 1950 nimt er syn yntrek op 'Klein Jagtlust yn Oranjewâld'. Syn kwaal, multiple sclerose, is dan al sa oanboaze, dat er ferpleegd wurde moat. Yn it lêst fan augustus 1952 ferfart Rely Jorritsma nei Ressen, dêr't er as pasjint yn 'e hûs komt by de dûmny. Dêr, tichteby Nijmegen, komt er op 1 oktober 1952 te ferstjerren. Hy wurdt yn Nijmegen begroeven op 'Rustoord' yn itselde grêf dêr't syn heit en de jiske fan syn mem yn rêste.

### **Fryslân**

Yn it iennige stik proaza dat fan Rely publisearre is yn *De Holder* (1928, side 8) giet er ûnder de titel 'De weemoed fan d' ierde' fannijs werom nei syn bernelân: *"no bin ik man, en sjuch, de bylden fan myn bernejierren komme yn my op, sintsjend yn de nachten fan myn dreamen, om bewust te wurden by my. Dat ik wol iensum, mar net ienlik wêze sil. Dat ik leauwe sil oan de ivichheid fan de siele... Ik bin deselde as doe't ik bern wie -"*

Hy wie noch mar 18, doe't er al dichte: *"O Fryslân, hast my iensum makke / Do hast my oan dyn wide greiden bûn. / En doal ik al yn frjemde lannen rûn, / O, altiid fiel ik wer dat iensum langstme / Dat stille langstme nei dyn âlde grûn."* Fansels is dat foar in part de pose fan in puber, mar dochs wurdt yn dat jeugdferf al dúdlik, dat Fryslân benammen wichtich foar him is as eftergrûn. Fryslân is it ferlerne lokslân, mar it jout him gjin krêft of ynspiraasje. It is in 'dream fan it ferline', gjin ta dieden oanfiterjend ideaal. Yn Nijmegen hat Rely

oant 1929 ta lid west fan de krite 'Tsjalling Eeltsjes'; hy hat meisongen yn it kritekoar en sels in bestjoersfunksje waarnommen. Syn earste bydragen oan *Sljucht en Rjucht* wiene yn 1924 en 1925 ferslaggen fan kritegearkomsten. Yn de tweintiger jierren hat er persoanlik kontakt hân mei de Jongfriezen. Yn de winter fan 1927 giet er mei Douwe Kalma útfanhûs by Wike Zylstra op it Amelân. Hy hat tige persoanlike brieven fan Wike oan him bewarre. Nei de oarloch hat er befreone west mei Geart Jonkman en yn syn tiid yn it Wâld komme Tamminga, Wadman, Schurer, Ypk fan der Fear en oaren by him op besite. Hy briefket mei û.o. E.B. Folkertsma. In protte kontakt hat er hân mei de *Heitelân*-redakteuren J.H. Brouwer en Jeh. Rienstra. Benammen de lêste hat oan 'e ein fan syn libben in soad foar him dien. Rienstra hie him sels wol as 'paying guest' yn 'e hûs nimme wollen, mar Rely hat de foarkar jûn oan in plakje yn de buert fan Nijmegen.

Ut argewaasje oer it redaksjebelied by *De Tsjerne* hat er yn 1949 it tydskrift 'De gouden ingel' oprjochtsje wollen mei as redaksje Wibren Altena, Geart Jonkman, Rely Jorritsma, Marten Scholten en Anne Wadman. Kamminga soe it printsje moatte. Op in oar plak neamt er Jonkman en Spanninga syn "kompanen". Spanninga syn fers 'Wat is de wrâld in bult feroare...' (foardracht yn "De Gouden Ingel", ta Nut fan 't Algemien) (*Samle fersen*, side 347) leit wat fêst fan har kontakten.

Rely slút him oan by it Frysk Kunstnersboun en wennet op 9 septimber 1949 in gearkomste by yn it Oranjehotel yn Ljouwert, dêr't er him foarstelt as de keunstskilder "Postma". Troch syn oare eftergrûn - hy wie wol op in Frysk doarp hikke en tein, mar it Frysk wie yn elts gefal letterlik net syn mêmmetaal - en syn lange ferbliuw om utens, hat er him dochs nea rjocht thús fiele kinnen yn Fryske rûnten.

*Niet vervreemd van de bodem / sta ik, toch vervreemd van het volk / Als een eenzame boom in fijn / groen van vizioenen* (1939). Lykwols: "It Frysk is in woldied yn myn ynwindige," skriuwt er yn it fers 'It Frysk fan de balling' (1950).

## Literêr wurk

It earste Fryske fers dat fan Rely publisearre waard, stie op 24 april 1926 yn *Sljucht en Rjucht*. Hy hie it makke op 9 maaie 1924 en dyselde simmers noch opstjoerd, mar hy ferûnderstelt, dat it lizzen bleaun is oant Reinder Brolsma, (fêst meiwurker oan it blêd, mar gjin redakteur! TSW) der wat yn seach fanwege de útdrukking 'it âlde doarp' yn de earste rigel. Sadwaande beskôget Rely sels Brolsma as syn 'ûntdekker'. Njonken in tal proaza-bydragen hawwe der fan Rely Jorritsma rom 170 Fryske fersen publisearre west yn de ûnderskate tydskriften. Ta in bondel is it net kommen, al hat Rely dêr sels wol plannen foar hân. Yn 1945 frege er yn in advertinsje hokker útjouwer syn bondel 'It Reidhintsje' útbringe woe en yn syn deiboek fan 1936 binne omslachûntwerpen foar in bondel 'Fen hûs en herne' of 'Fen hird en herne' opnommen, dy't er doe by Eisma yn Ljouwert printsje litte woe. Yn 1949 notear er, dat er yn 1951 syn Frysk wurk útjaan wol, omdat er dan 25 jier publisearre hat as 'Rely'. As titel tinkt er dan oan: 'Fuotprinten fan myn libben', 'It wie myn libben' of 'In libben fan leafde en skientme'. It iennige dat as boek ferskynd is, is de Hollânsktalige bondel *Idylle in het Nederrijk* fan 1946. Yn 1948 wiene dêr noch mar sa'n bytsje fan ferkocht, dat er de boekjes yn in adfertinsje yn *Frysk en Frij* fergees oanbean hat oan de leafhawwers. Mei freonen hat er in boek gearstald mei teksten en byldwurk ûnder de titel 'Het Nederrijk'. Mar dêr is gjin printe útjefte fan kommen.

Lykas Rely oer alles prakkesearre, hat er ek ompakt mei it dichterskip. "*De inzinkingsperioden dan schrijf ik om het leven. Die leeft schrijft niet. Zieken, monniken, lelijken, ongelukkige minnaars, onderduikers, gedeserteerden zij zijn het, die schrijven.*" (1952) "*Van dichten gesproken: Ik kan het niet anders uitdrukken - dan lîeg ik, (als ik het anders doe) d.w.z. z.g. 'gewoon'*" (1935). In Frysk gedicht wie neffens him yn it earste plak 'sfear', yn it twadde plak 'taal' en yn it tredde 'gedachte' (1951).

G.A. Wumkes neamt yn syn oantekeningen oer Rely dy syn fersen 'gedachtenflitsen van een visionaire kracht' (...) 'zijn gedichten rekent men niet tot de muzikale, zelfs niet tot de lyriek in engere zin. Niet het sonore klankrijke woord (...) 'verzen zijn aanschouwelijk' (...) 'eerder met een expressie dan met een getrouwe uitbeelding, laat staan afbeelding'. Oan Rely syn fersen is de ynfloed fan syn lektuer te fermimmen. Hy hie net in sterk eigen lûd. Skriuwt er yn syn deiboeken, dat er him mei Gysbert Japicx dwaande hâldt, dan sjogge jo yn syn wurk ek wurdsteapelingen à la Gysbert opkommen. Op Aldersielen

1949 kriget er de útjefte fan Obe Postma syn wurk ("*t is in hearlik besit*") en dêrnei fine jo Postma-eftige fersen. Ek mei Sjoerd Spanninga syn wurk binne oerienkomsten oan te wizen. Oer it generaal is it wurk fan Jorritsma net geef, mar hy hat flûnkerjende mominten, as er ferrassende bylden fynt en soms hiele moaie rigels skriuwt. Yn it twadde part fan dit boekje is besocht in tal karakteristike fersen gear te bringen.

## Priisfragen

Lykas Rely fan mear dingen yn de Fryske Beweging argewaasje hân hat, hat er ek de opset fan de priisfragen dy't ein fjirtiger jierren troch de tydskriften útskreaun waarden, net wurdearje kinnen. Mei't er de beleaning te skiterich achte, hat er sels in kearmannich jild beskikber steld, sawol oan *De Tsjerne* as oan *It Heitelân*. Betingst wie dêrby wol, dat er sels mei kedize mocht oer de útslach. Yn syn neilittenskip binne brieven te finen oangeande priisfragen yn Hollân, dêr't er sels wurk foar ynstjoerd hat en kranteknipsels oer minsken dy't by testamint jild beskikber steld hiene foar literêre prizen. Sa sil er op it idee kommen wêze om syn besit ûnder te bringen yn it Rely Jorritsma Founs.

## **Konklúzje**

Aurelius Hotze Theodorus Jorritsma hat in apart man west. Hy wie lang net sa frjemd as syn heit dy't echt nuvere oanslaggen hie, mar wol singelier. It hat him pleage, dat er altyd - ek noch nei de dea fan syn heit - konfrontearre waard mei dy syn raar paad troch it libben.

Winliken hat er in tragyske figuer west. Fansels hat er te lijen hân fan it gefoel as dichter miskend te wurden. Tal fan opmerkings yn syn deiboeken oan it adres fan Wadman, Schurer, Folkertsma en oaren lige der net om, mar dat er mei syn testamint oprjocht de bedoeling hân hat de Fryske literatuer te stypjen, dêr is neffens my gjin mis op.

## *Rely (selsportret)*

*hy is in âlde skuorre by nacht*

*yn moanljochtskier...*

*hy is in lege huzing*

*op in lange wier*

*hy is in giel ljocht*

*yn in nachtlke stân*

*hy is in minske allyk in bern*

*as in nacht sûnder moarn.*

Tineke Steenmeijer-Wielenga

## **fersen fan Rely Jorritsma**

### Foar 't earst

Ik wit in nacht út it âlde doarp  
Dat de klyster sa wûnder song;  
De wylgen sêft sûsden  
Foar de moanne, dy  
Dôf-read oer it nijlân hong.

It hiem lei sa stil, sa fredich yn 't fjild,  
Sa rea hong de moanne oer 't lân,  
De klyster dy swijde;  
Doe hat myn hert  
Foar 't earst dy frjemde pine hân...

*Sjucht en Rjucht 1926, side 184*

### Simmernacht

Oer it doarpke swevet in flues  
En as gouden blommen prealje  
Fan de dampe simmerjûn,  
Stjerren yn 'e himelgrûn...

Troch it doarpke leit sa fredich  
Wite wei... yn stilte... al rûn...  
En myn freon en ik... wy bliuwe...  
Doarmje yn de stille jûn...

*Sjucht en Rjucht 1926, side 429*

### Lietsje fan weemoed

Giele, giele blêden falle yn 'e wyn...  
dêr leit myn hiele simmerwille yn...  
dy moatt' no wreed ferrûzgje,  
de wyn dy moat se strûzgje.

Giele, giele blêden falle yn 'e wyn...  
dêr leit myn hiele libben yn...  
dy moatt' no wreed ferrûzgje,  
de wyn dy moat se strûzgje.

*Sljucht en Rjucht 1926, side 664*

### Alde jûn

Grize wylgen  
Alde jûn  
Wite dize  
Kâlde grûn.

Stille skimer  
Letter wrâld  
Lyts gemimer  
t Herte kâld

*It Heitelân 1926, side 614*

## Krystnacht

De húskes se lizze sa rêstich en wyt  
En boppe har ljochtet de ivichheid.

Yn de finsterkes skimert sêftich ljocht,  
't Skynt út op de snie, yn de stille nacht.

No sitte der binnen wol âlden en bern,  
Sellich en stil nei it beamke te sjen,

dat barnt mei kearskes, wyt en fyn,  
dy twinkelje blier yn it glinsterjend grien.

No sjongt der wol in leave stim  
Fan 't lytse berntsje fan Bethlehem.

- Dan geane op 't lêst alle kearskes út  
en skynselt allinne it theeljocht troch 't rût.

De stjerren bloeie yn d' âlde tún  
troch de wylde beammen sûzet sêft de wyn.

De heit fertelt no in âld ferhaal;  
Syn stimm' is suver en egaal.

De berntsjes lústerje by de hurd,  
de lytste sit by mem op skurt'.

Troch de skoarstien nûndert de wyn syn liet.  
Boppe 't huske strielet de ivichheid.

*Sljucht en Rjucht 1926, side 694*

## It reade jûnljocht

Ik wit in winterdei op 't âlde hiem  
kaam út de stêd werom  
it jûnljocht op de muorre  
wie read.... de stiennen  
en kâld wie 't yn de beammen  
en op de Tsjonger heard' ik  
't krassen fan hûnderten redens...  
De feint dy wie jit oan it snoeien  
efter yn it hôf  
stil allinne... en de redens yn de hân,  
bongele ik nei de Tsjonger...  
swarte minsken...  
en op 't lân wie 't kâld.  
Ik stapte stadich...tinzend... frjemd...  
en 'k hie dochs oars sa'n huverige wille.

*Sljucht en Rjucht 1927, side 36*

## De swarte swellen

't Wie yn in frjemde stille nacht,  
dat ik in famke nei hûs ta brocht.  
Wy bleauwen stean by de âlde toer;  
dêr fleagen de swellen om en oer,

de swarte swellen yn de stjerre-nacht.  
As dy swarte swellen is dyn hier sa sacht,  
as dy fiere stjerren binn' dyn eagen klear,  
as de wyn oer de beammen binn' dyn hauntsjes tear.

*Sljucht en Rjucht 1927, side 404*

## De dichter

Hy soe him sa graach  
yn syn eigen húske rêde,  
Lyts wentsje  
yn it grut sûmber wâld.

Allinne wenje by 't lyts stikje nôtfjild  
en eltse moanne syn wurk  
bringe nei de fiere stêd.

Hy is jong, dy dit seit  
mar syn leafde is ûnsuver  
en twiveljend is syn witten  
en teraffele is syn fielen.

Inkeld in fet is hy  
en der kin neat skept wurde  
foar jimme.

Ja, aloan befrijen is dit libben  
mar mear is de stiltme  
fan hûs en hiem.

O, hy leavet de stiltme fan 'e snein  
as hy allinne kuierje kin  
en de minsken allegearre sa fredich.

No wit hy wêrom de minsken  
de westewyn leavje.  
Dy komt fan de grutte see  
en de see is as it hert  
en de wyn is ienfâldich en fris.

De wyn nimt ús allegearre mei  
en men sil net wer feroarje  
wat men ienkear delskreaun hat.

De snein en de toersklok  
hoedzje syn siele.

Dêrom tink ik, dat nei de dea syn siele  
as de wyn om ús hollen is.  
Los sân seit immen, och  
sis ik, 'k fyn 't goed.

Wol skeelt it, wêr it blomte plante is  
mar it bloeien docht de blom,  
wol skeelt it, oft it lân besoarge is,  
mar it groeien docht it nôt.

O, 'k woe sa graach, dat  
jimm' dit opnimme woene  
it is 't earste en it lêste  
bernheid en âlderdom.

*Sljucht en Rjucht 1927, side 668*

## Wurdt it my sa âld...

Al nachklik rûst de wyn  
Om d' âlde tsjerke...  
De donkere grêven  
Lizze de minsken yn.

Wiene minsken fan ús doarpke,  
Lizze no frjemd fan 'e wrâld,  
Eltse kear wurdt der wer ien hinn' brocht  
Wurdt it my sa eangstich âld...

*Sljucht en Rjucht 1928, side 680*

## Oan de warbere fammen

*Leafde en hate is fan dit libben  
mar freonskip is fan d' ivichheid.*

As ik moarnsier nei de stêd ta gean  
Dan sjoch ik de warbere fammen wol stean.

Hja splitte it hout, hja spitte de grûn  
Hja sjogge sa earnstich en binne sa sûn.

Wy gean nei kantoar, nei it wite pompier,  
Hja bodzje yn wurk dat smoarch is en swier.

Mar myn herte, myn herte, dat lûkt nei har ta...  
En dan skriemt eat, o fammen...? koene jimm' my ha.

De sinne skynt oer de delling sa read  
Op it wite pleatske op de beammen sa grut.

Ik woe wol houwe it swiere hout...  
Utfoet're wurde om mannich fout...

Mar myn hannen binn' breed en hja steane dernei  
En by 't simmer dan nimm' se nei 't nôtfjild my mei...

O, warbere fammen, hoe dit libben my fertret...  
Moarnsier en jûns let, de gong nei de stêd.

En stoarje ik mei myn eagen op it bline pompier,  
Dan sjoch ik har koppen mei 't krolswarte hier.

Hja meltse de kij, hja soargje mei 't foer...  
En de sinne giet de dagen de delling oer.

En it lân leit sa myld en wazich en grien...  
En ik dy sit finzen yn de stêd fan stien.

*Sljucht en Rjucht 1928, side 43*

## "De ongeschreide tranen"

Der toêt in hoarn oer de stêd  
drôf en algeduerich  
it folk is ellindich  
it giet de wegen fan syn hert.

Stean ik op de donk're bastei  
komt it oerâld langstme oer my  
koe ik mar it grutte oargel  
draaie foar myn folk.

*Sljucht en Rjucht 1928, side 216*

## De pompeblêdenflagge

De reade lapen sill' jit sinke  
en is dyn herte lang fergien.  
Ik haw sa'n ljocht siden lape  
Sêft om myn beide wangen dien.

Seachst ea yn hege wolken bloeien  
sa'n strieljend wyt, sa'n suver blau?  
Seachst ea wol reader blommen gloeien  
yn Friezene lânsdou?

*Sljucht en Rjucht 1928, side 490*

### **Ik haw mar ien langstme**

Ik haw mar ien langstme  
te ferjitten, dat  
ik net wit, wat ik  
mei de dei dwaan moat.

Ja, ik wit it wol  
wurkje, wurkje;  
mar dat is net dat,  
wêr't myn herte langst nei hat.

Sil ik 't sizze, grut minske  
men sil laitsje en 't net leauwe...  
hoe sil ik it dan sels jitt leauwe...  
...ik... woe boartsje mei de famkes.

*Sljucht en Rjucht 1928, side 374*

### **Myn hert wie allyk in see**

No net de rêch nei it ljocht, mannen,  
De bôg' rjocht yn 'e sinne,  
Oer 't hel-skimerjend wiel  
De sillichheid winne.

De grutte see fan 't hert  
Noch lâne wy ien kear...  
Op *nije* jerdske strânen  
Mar ienkear, ek net mear.

*Sljucht en Rjucht 1929, side 117*

### **De reade blom**

Jongfeinten, wêr it libben yn te bloeien stiet  
Har herten as rea-blommen oer de wrâld  
Har herten as merken yn de simmernacht  
As 't wiuwen fan de blêden ûnder moanneloft  
As bloed sa read in klaproas op 't fjild  
Waans gloeiend-read, swart hert yn de moannewyn trilt.

O rûzjen fan dy earste waarme maitiidsnacht  
De mûnen skitteroargljend yn it moanneljocht  
De fjilden wyt fan dau oer 't ljocht-sêft-gerze-grien  
Doe hat myn hert sa stil en tear te lúst'rjen stien  
En 't seach de pleatsen as út djippe himeldream  
Dêr oer de wite púndyk, giel de stjerren stean.

Mar hark! hoe de nacht flach slacht oan 't moanneljocht  
It hert fan 't folk, dat as in rea-blom oer de wrâlden slacht.

*Sljucht en Rjucht 1929, side 277*

### **Merke**

It jonge nôd dat glânzget yn 'e wyn,  
Dêr steane blauwe blommen te bloeien yn  
De himel is heech oer it bosk op 'e top

Fan ûnder út it doarp komt muzyk nei him op  
In tinte dy blinkt troch it waarm-griene beamt'  
It hiem dat wurdt 'm op ienkear... sa frjemd...

*Sljucht en Rjucht 1929, side 452*



### It âldershûs

Troch donk're blêden fonk'le in wite stjer,  
Ik seach myn âldershûs en 't doarpke wer;  
It ing'lekopke wyt, oer donk're dreamebeammen  
As yn safolle sulvergrize dreamen.

No bloeit wol efterhûs de âlde flear  
Mei blommen, rokich wyt, as hannen;  
En 't âlde roazestrûkje fan alear  
Doe't it lytse susterke soe komme.

Sliep wol, dy dêr myn freonen binne.  
Dêr bûten fûnk'lje no de stjerren,  
Dêr ienris fûnk'le de selde nacht,  
Allinne tiden binne 't dy ferrinne.

*Sljucht en Rjucht 1929, side 388*

### Simmer

Doe't de simmer kommen wie  
En de blommen út 'e snie  
Fan de lange wintertiid  
Bloeyden yn de sinne bliid,  
Waard it my om 't hert sa rom,  
Smakke 't libben my sa swiet  
En de dea wie lyk de wyn  
As in sêft fertriet.

*Sljucht en Rjucht 1929, side 532*

### Man en frou

Wie hy net klaaid yn sinnegiel?  
En sy yn mearke-blau?  
Wie hy net har glânzjende gloeiende ljocht  
En sy syn waarmste ierdenacht?

Ien see, in wylde woeljende stream,  
Doe wie sy de oer, de myld-bloeiende seam.  
Hy it fjoer, it hege fakkeljende ljocht;  
Sy de stille, hoedzjende reekwolkschacht.

Wie hy de frijheid, de dream en it liet  
Sy wie de trou, en de ried en de died.  
Hy it hert, en de striid en it leed  
Sy wie de rêst, en syn treast yn de need.

*Sljucht en Rjucht 1929, side 645*

### It lytse famke

It keine holtsje mei de grutte eagen,  
De lytse hantsjes, o sa wyt, sa wyt.  
Om lang en sêft dyn hier te streakjen,  
Stil weidwaan al dat raar fertriet.

O, 'k sjoch de giele blomkes bloeien,  
Dy't tusken grize tûkjes stean.  
Wer ammet maitiid om myn herte,  
'k Sil mei dit byld troch 't libben géan.

*Sljucht en Rjucht 1930, side 404*

### **It bloed krûpt...**

Ik bin allyk in finzen dier,  
Sa'n âlde, brune fottelbear,  
Dy't foar syn traaljies op en del  
Te dûnsjen stiet yn 't feal potsfel.

Of wol, in mûnts yn 't fiere lân,  
Syn sel bekuierjend ôf en oan....;  
Troch 't finster sjocht in stjerreswarm,  
It bosklân sûmbert drôf en waarm.

Of wol, ien dy't yn 't oerwâld teach  
En sûnt net oars as 't palmblêd seach,  
Dat wiuwend tsjin de ivige jûn  
Him heimich waard op frjemde, fiere grûn.

*Sljucht en Rjucht 1930, side 229*

### **De ienheid fan Fryslân**

Foar d' ien is 't in izeren kiste,  
Dy't jier en dei yn 't hingslot siet;  
Foar d' oar in boek, dat faak betaaste,  
Him letter-blyn gjin útwei liet.

No komt in ljocht de himel skoarjen,  
Hoe tongertsjuster brekt dy kym.  
O Friezen litt' we mekoarren treastgje,  
Dit is in al te swier begjin.

*Sljucht en Rjucht 1930, side 455*

### **Brutsen dicht**

*It folk is ûnder de bast sa  
sniewyt as in pit fan in nút.*

Der is eat, dat it selde bliuwt;  
dêrom is wûnder wêr feroare.

De toersklok let oan it ein fan 'e nacht,  
de diken binn' fan ús âlden wrocht'.

Der giet nei 't noarden in paad troch it lân;  
ien kant fan ús hûs hat nea sinneskyn hân.

Fuotten dy rûnen fan Jellum nei Bears,  
lizze no stil ûnder moude en gers.

Mar ploaitsje in blomke yn de middeiwyn.  
tink dy eltse dei de sinne yn.

Hjir op ierde, wêr ek nei ús dea  
It skaad oer wite wegen keart.

*Sljucht en Rjucht 1930, side 516*

### **Hjerst**

Ierde, groei no mar net mear mei blommen,  
Lis dyn pracht mar del;  
't Giet no alles yn dea-slomme,  
Men heart gjin ljurk of swel.

De fjilden lizze yn blau-amme fertige;  
Elts paad is stil en fiert nei rêst.  
O, sjochst net der beammen tûke-rige  
Foar 't rea-amber gloedzjend west!

*Sljucht en Rjucht 1930, side 716*

## Wobbelke

Doe 'k lêst dat stik yn Utert  
Fan Gysbert Japiks seach,  
Doe kaam my 't moed omhegen  
En 't stoarme yn myn each.

Want ik seach him mei syn Wobbelke  
Lyk as it earen wie;  
It famke froalik, jong  
En 't goudslach om it hier.

Dy jûns moast ik hast skrieme  
Om't dy jonkheid lang al dea...  
Wylst 't lietke no, ús wangen  
Nóch fernet poarper-rea.

*Sjucht en Rjucht 1931, side 117*

## Selsferwyt

Och, al dyn rouwe begearen,  
Wat hat dat alles jûn?  
Do hast de leafde fersmiten  
En trape tsjin 'e grûn.

Hast dyn eardere leafde fergetten  
Sa fyn yn dyn leedzjende rêst,  
Hast jierren oanien yn de ban fan  
Dyn eigen begearren west.

*Sjucht en Rjucht 1932, side 614*

## By 't winter - by honk

Oer de finne  
Skynt de sinne,  
't Is in kâlde dei  
Frjemd gemiensum,  
Like iensum  
Stiet de pleats by my.

Op 'e romte  
Ienlik blomte,  
Liket snie op 't toarre gers.  
Feale mieden  
Tiid fan skieden  
't Haad-ljocht lyk in bleke kears.

't Iis groeit staach-oan  
Yn it skaad-lân,  
Kolk en wiel en poel en wyk.  
Jimmer djipper  
Set it wetter  
Swart en glêshurd as in dyk.

Efter 't glêsrút,  
No't de bern út,  
Is it smûk en hoar en stil.  
En de frou leit;  
En de snein seit,  
Dat myn lok hjir wêze sil.

Lit se kluwe,  
Jonge ljuwe,  
Oer it kâld en wyndrich iis.  
Ien moat bliuwe,  
Fee en reauwe  
Warje as syn libbenspriis.

By de skouwe,  
By myn frouwe,  
Sjogg' we strak troch 't kleare rût.  
Wer foar eagen  
Hoe't we teagen  
Ienkear yn ús jonkheid út.

*Sjucht en Rjucht 1932, side 20*

### Hjerstmistinzen

Ik tink jit oan de dauwige leanen  
En oan de weemoed fan it earste oanbegjin.  
Gjin maitiidssinne wie it mear  
Boppe trochgongber tsjuster... in rúskreade sfear.

O sinnegloede, as út âlde dagen;  
De wrâld ferlear ús, wy ferlearen de wrâld.  
Men fielde, dat elts him weromloek op himsels.  
En sa waard it herte âld.

*Sjucht en Rjucht 1932, side 662*

### Poëzije

De stjerren lykje stikjes fjoer...  
Kâld, oer de bjirken by de toer  
Ferline jier, wiene de bjirken sa fyn  
En de stjerren sa fier en  
't Kaam om't dêr foar 't earst  
Eat tusken my en dy wie.  
It wie de "poëzije"  
It bern fan my en dy.

*Sjucht en Rjucht 1934, side 597*

### It âlde hûs

It docht sa'n pine, 't âlde hûs te sjen.  
Hoe't alles groeid is, al sûnt jierren.  
No binn' se âld, dy't doe jit bern  
En âlde beammen ûnder selde stjerren.

It selde wêzen, mar it skaad  
Der strûken groeide oer it hiem.  
De kamp fan 't wylde noard; de stiltme  
fan 't sinneljocht, hie it in ieu bestien.

't Wie mearke-poëzij, it hiele libben,  
It noardske mearke der ferlittenheid  
Fan grime dinnen en in ljochte sinne.  
Dy't laket oer 't beamte der fergonkelikheid.

Reade rododendrondream, dêr ienris boud  
Yn hoeke fan 't gazon; yn lok en piid  
Foar jonge breid, jong ideaal, de moaiste tiid  
Fergetten lang... en no bloeit it sa wiid.

Nei 't easten noch deselde tûn  
Mei it ferfal fan al in libben lyn;  
Rûnom it lânskip, earen hiem  
Foar dy't der op dit stee haww' stien.

Foarby giet alles, libben, ideaal,  
It moaiste, wat in minske op ierde fynt...  
De simmerjûn is koart, wêryn it lampke skynt  
...En it leafste, dat men hat, ferdwynt...

*Sjucht en Rjucht 1933, side 421*

### **Myn berteplak**

O, dêr't men ienkear boarte hat,  
Dêr moast men net te gau fandinne gean.  
Sjoch dêr dat iensum bjirkje stean,  
De woartels bleat, oan râne fan in gat.

Ik wit yn 't doarp sa mennich plak,  
Och, in frjemde, nee, dy sjocht it net,  
Mar my, my is 't in hillich plak.

It is myn hiele libbens-ûndergrûn...  
En is myn libben no noch suver,  
Dan libbet alles nij en puver  
Yn waarm en gouden ljocht.

*Sljucht en Rjucht 1932, side 760*

### **Myn mem**

Har leave wêzen is no wei  
Wylst se juster hjir noch wie  
Har leafde treast kende ik oant de lêste dei  
En no is se sa mar gewoan: wei...

En dêr't se by my wie, jier oan jier  
Al sûnt myn earste dei...  
En no nei juster, dy iene dei  
No is se hjoed (en foar ivich) wei.

*23 april 1934*

*Sljucht en Rjucht 1934, side 280*

### **Frou**

In moai, rêstich, wurksom libben  
Is, tinkt my 't minskweardichst bestean.  
Ik sjoch syn byld no sinnebanen  
Temiddei troch wolken stean.

Yn mûne wjok-steil-stil strieljen  
Davert in dwerreljend ljocht  
Nei de hege himelboarne  
Yn de ivich-stille loft.

Ik sjoch in minske omgloare  
Gean stil syn iensum paad;  
Syn holle yn arbeid-soarge,  
Syn foet fan leafde laat.

De heide stiet te bloeien  
Sa fleurich, libbens-blau.  
*Hy* hat jit need en soargen  
Mar hat te honk... in frou.

*Sljucht en Rjucht 1933, side 565*

### **Spearjoegjen**

It linich hout dat trillet m' yn de hân,  
myn spear, my leaf en sa fertroud,  
myn each oer 't iensum jûnlân skoot  
foardat 'k 'm slingerje mei fêste hân.

Dan rinnend jou 'k my him yn lieding mei  
oan't yn de sprongswaai, 'k slingerj' 'm wei,  
de lette sinne yn, dy gloeit oan ierde-rân,  
mar bôgjend stjit hy yn dit kâlde lân.

*Sljucht en Rjucht 1934, side 756*

**Oarloch?  
Wat is dat?**

Wat dogge de minsken mekoar al in leed oan  
yn in bline driuw, sûnder skuld.

Eitse soldaat hat dochs in mem, in suster,  
al is 't mar in *stik* op it oarlochsfjild.

It libben is sa ryk oan tinzen, dwaan, memoarje,  
it libben út himsels ferstjert sa sêft.

Hoe giet it dochs safier; de Dea, dy wrede hearsker,  
hat Dy dan mear gehoar as libbens geve kreft?

*Sljucht en Rjucht 1936, side 34*

**Jellum**

O, hoe 'n langstme soms,  
om it âlde hûs te sjen,  
de simmer op it hiem,  
wêr't ik faak boarte as bern.  
De plakken fan it ûnrant wit ik krekt,  
en hoe't it paad by 't simmer dêr yn naden brekt.

En kamen we fan in (seldsume) reis wer thús,  
dan gau nei it túntsje sjen, hoe't it west hie sûnder ús.  
'k Wit noch de giele printen op it hiem;  
dêr hie de knine-stjelp te lang fergetten stien.

By de tsjerkebuorren wit ik goed de sinteldyk;  
dêr stje yn 't skaad fan 't âlde hôf it gers sa ryk.  
'n Mei repen bast beflarde beam stie dêr yn deade trêft;  
der stieken ivich deade tûken troch it wetter fan de grêft.

Hoe wie de mai-tiid dêr sa bloeiend en sa prûs!  
Mei Grytsje socht ik giele kikkertsblomkes  
op it moas foar hûs.  
En fan de sânbak dêr sei Abe fan,  
dat as men trochgroef, kaam men troch de ierde yn Japan.

Wêrom moatt' wy dochs fuort en dêr sa fier fandinne?  
Men kin de ierdkloat en de dea dochs nearne ûntrinne.  
My jout it de eagen wer it ynderlik sjen,  
dêr wêr ik it lân en it ljocht fan jongsôf ken.

*Sljucht en Rjucht 1936, side 379*

**Oan Jan Knilles Piter Salverda syn neitins**

Mei rôze stiennen fan ellinde  
bou ik myn earbied foar dy,  
dy't yn 't Fryske lân wurch waardst  
en foar 't lêst dy opjoechst, op de wjokken  
fan ing'le poëzij, sa dyn kennen  
rêdend út de materiële ûnmacht,  
wêrboppe de jûnstjerren fan dyn lok  
strielen, mar wêryn do beklomme  
bist as in stikje iis... op in hjerstmismoarn  
yn 't âlde Wûns. - In kâlde stien  
stiet no dêr foar dyn neitinken.  
Wy drage dyn ellinde, as rôze  
stiennen oan, foar in ivich honk.

*Sljucht en Rjucht 1936, side 741*

## De skilder

In grut gefoel, dat yn in skamp fan kleur him bekend.  
Net it twingende wurd fan de dichter;  
hjiir de kleur, dy't tsjûget - fan de striid,  
dy fochten wurdt mei it ivige  
om it wat lok te ûnfytmanjen.  
Yn dy wraksel wurdt de eale minske  
wol tige wûne en faak mei blinens slein.  
Mar hokker striid is weardiger  
te striden as dy mei  
it ûnberikbere, it net kende,  
it ûnskepene?  
De dichter slacht mei it wurd,  
de skilder fjurret mei syn glânzgjende  
kleur; hoe dogge dy wapens harren selme leed!

By it skilderij giet it dêr om, oft it dy  
oansprekt, oft it eat yn dy opropt;  
't mei dan wêze langstme of wat oars...  
Sjoch, hoe't de skilder wurket,  
dêroan silst witte, oft der fochten wurdt.  
en in striid is de skeppingsdied.  
(De glêde liniaalminskten moatte we net hawwe).  
Wy moatte jimmer de keunstner  
hawwe, dy't syn libben ferslacht,  
en sels neat oerhâldt.  
Der binne mar twa mooglikheden:  
jaan of net jaan; healjaan is beider skeal!

*Sjucht en Rjucht 1936, side 561*

## Ut âlde dagen

Oan âlde dagen  
Yn Fryslân  
tink ik,  
Sideplakboartsje  
om 't hûs  
yn de jûn.

't Sjen al, jildt.  
Wêr soene de  
útfanhuzerkes sitte?  
By de foarein  
efter 't  
sniebeikesperk?

Efter 't bargehok  
by de finne, nee!

By 't stâlt  
efter de hage?

Hear ik no roppen?  
Gau sjen - mar  
by honk is neat.

No slûp ik  
oer de jûnkoele hôf  
lâns de stille  
bûthúsmuorre.

Wêr sitte se dan...  
Yn 'e hûs meie se net!  
Ek net yn de skuorre.

Dêr... foar troch hage  
by de hameie skimert  
eat...

"Ja, Rimmerke, ik  
sjoch dy wol."

"Rimmerke,  
tilmerree  
fan ien, twa, trije!"

Dy ha 'k ôfwûn,  
ja, ik ha har sjoen,  
No binn' de oaren grif  
efterhûs omrûn...

'k Doar derhinne,  
dêr hear ik rinnen,  
roppen "Rely,  
tilmerree, fan  
ien, twa, trije!"

Laitsje...  
Sjen of se 'r binne.  
Wat kinne  
dy famkes  
dochs ferdeald hurd  
rinne...

No, Rimmerke  
moat siikje...  
Kom..., stil...

-----  
ien en tweintich...  
twa en tweintich...  
-----

Krij op!....

*Sljucht en Rjucht 1938, side 369*

### **As de Dea no oan myn doar kaam**

As de dea no oan myn doar kaam,  
soe ik freegje: "Wachtsje jit efkes  
oant ik myn lytse freondinne groetsje,  
dy wennet hjir neist..."

En as de dea dan wer kaam,  
soe ik freegje: "Wachtsje jit efkes,  
dat ik dizze bal oan myn lytse freondinne bring;  
dy hat se fergetten doe't wy meiinoar boarten."

En as ik te'n lêste gjin manear mear ta ûntflechtsjen wist,  
soe ik skrieme, en myn triennen  
soene rinne, oant se in stream waarden  
en dy stream soe in see wurde en alles meifiere.

*Sljucht en Rjucht 1939, side 197*

### **Trije dichters yn dy!**

Earst skriuwt men om de namme, by de kunde,  
En dat men dy sil romje,  
En wat der fammen oandacht haget,  
sadat men weaget, en, de kimen tromje...

Twad, skriuwt men om eat op te bringen,  
Ut fier ferline, fan ûnbewende wegen,  
En sels is men ferwûndere, fan it sjongen,  
Oan de ûnbekende oermacht ûnderhevich.

Tred, komt it fiere, frjemde, tichteby,  
En it eigene wurdt trochskinend en ferklearre.  
men jout it "hâld foar 't sels" oan lyk wa wei,  
Dêrom, dat hja meilibje en net ferdjerre.

*Frysk en Frij 1948, nûmer 48*



## Dreamkeninginne

Swiete sliep, wat nimsto hoeden  
Alle lêst en soargen wei,  
Leafde, út de djippe noeden,  
Glimket yn de dreamedei.

Wie hja deis in earmtlik famke,  
dreamen rieden hearlik foar  
En hja wie in keninginne  
Yn de iere moarntiidsглоar.

't Fûnkele fan rea-robinen  
Oer de skimer fan it lân  
En in prins yn hermelinen  
Joech har sêft syn sterke hân.

En dan yn de dei ûntweitsje,  
Dalik wachtet wer it wurk.  
Mar, sjoch hoe't dy blommen laitsje  
En de sinne sjocht troch 't swurk.

En oer alle wrâldske neden  
Glimket hope jimmeroan.  
Alle libben hat syn reden  
En it lok komt mei ferstân.

*It Heitelân 1947, side 164*

## Foar dy hat it skaad, mar ien byld

Foar dy hat it skaad, mar ien byld,  
Jousto it tiidlik ljocht folslein -  
Myn namme op de swarte list  
Is as in skriuwsel op it dûnkere iis - ferflein.

Mei sêfte fabergriffel op in laaike skreaun  
Sjoch ik dêrfoar, dit koart beskie.

Wa hâldt, yn my, troch keunst,  
It libben yn in grins,  
mei fine rank fan stosel,  
kryt of snie?

*It Heitelân 1948, side 77*

## De earme skilder

De earme skilder klaget by syn doeken;  
Hy kin se net mear sjen en jout se wei  
Want wat hy seach as stream fan 't paradys  
dat giet no dea yn 't doek oan him foarby.

Hoe docht in earme út it lok syn kar!  
No stiet er by in keale tombe:  
Och, wat er seach, hy dreamde dat er 't bylde  
mar dat *ferbylde* hy him mar.

*It Heitelân 1950, side 69*

## De ûnderstêd fan Nijmegen

*Ik moat it wol dwaan, dan skuort it los!  
Skuor ik in stik taal los, út de omklamming.  
(Redbad)*

Der is frysk folk mank, by dit folkje fan de ûnderstêd.  
Dy't alle dagen, yn myn útsicht, op it ferdylge stik boartsje.  
Stil, hast steatlik, rinne se yn harren felreade manteltsjes.  
Se ha gjin aan fan harren eigen moaie ljochte hier.

Soe dit net sa'n bytsje de wei nei Bethlehem wêze?  
En alle skriklike wrâldfragen treast?  
Wûnderlik betinken, dat lykop mei harren boartsjen  
Ek ús dagen oer harren kearpunten glide.

*It Heitelân 1950, side 67*

## Oan Ike, Fryslâns hurdrydster, doe't hja, 4 april 1950, boaske

No is 't foarby, fanke, mei 't hurdriden.  
Wy wiene as Eskimo's, op Makkingea's hichten  
en hearden it bom-iis yn de lange tochtsleatten  
rommeljen, it libbene wetter fan in kommende  
maitiid wûnderlik sjongen yn it ferhoalene.  
De earste koblomkes seagen wy yn de wiete  
greide op de earste plakken dy't ûntteiden.  
Bliid wiene wy dat it iis fan de tsjustere nachten,  
ôfskode en wy wer oer de ûnfruchtbere sânplaten  
de streken grien seagen, wêr it mylde ljocht oan-  
slach fûn, wêr it libben wenje koe.  
De hurde winter fan dyn libben is foarby.  
it skrilte ljocht fan de oerwinning is dwêst ta in  
dûnkere, gouden fersonkenheid.  
It evene wetter linet oan de swarte hoalling der wallen.  
It lân is syn griene breid.  
De wylgen binne ljochtgriene gerdinen, wêrefter  
de lette sinneloft út roazige wolkens skynt.

*It Heitelân 1950, side 87*

## De Slagtedyk

Us hiem lei oan de âlde Slagtedyk  
Dy't oer Tellens en Feins, nei Achlum bôget.  
De munten der Romeinske Keizers wol ik rêste litte,  
ik wit net, hoe't se yn dat nestke fan âlde seeskulpkes kamen.

Ik kin wol fantasearje, hoe't it gouden jild fan Nero,  
de sulver-stikken fan Marcus Aurelius iennis  
Op Rome's tafels fonkele ha, en dêrnei begroeven  
Yn de mollebulten fan terpen en wieren oan de Middelsee.

It witten haw ik allinne, fan ús eigen libben.  
Fan ús hûn Caesar, wêr't wy in grêf foar dolden,  
Doe't er stoarn wie, en op dat plak wylde bargetosken fûnen,  
En oerâlde stiennen fûndaminten ûntdieken.

Witten haw ik allinne fan dat ús hûnen,  
Nero (in falsken ien), Bruno en Juno hieten.  
En ús swarte ezel Apollo; mûlk wol,  
Om't er sa jammerdearlik mâl balte.

Witten haw ik allinne fan it tuija-grien,  
De hagedissen en it wûnderwite byldsje,  
Dat ik net ferjitte kin neist de middagen  
Dat wy as bern read omrâne koblomkes sochten.

Jimmer op 't nijlân, groeven wy dy út  
Mei hiele pôltsjes klaai, wêryn de woarteltsjes sieten  
Om se oer te bringen nei ús túntsje yn de blikke,  
Efterhûs, yn de hoeke fan de ligusterhage.

Ja, 't is my wol, oft ik yn oerâlde tiden  
Dêr earder west ha, mar 't is sa skimerich  
En wreed fan offersjinst, dat ik hoopje  
Dy fisioenen net wer dreame te moatten.

Leaflik is it libben fan de eale minske  
Hy wit te hantearjen, hy smijt  
De rûge eleminten ta wêzentlik guod,  
Dat in treastlike mylde skyn útjout.

*It Heitelân 1950, side 90*

### **Nei it Westerhûs te stikelstekken**

Op de dokkerjende haaiwein, mei Postma mei,  
Nei it lân by it Westerhûs.  
Dêr seach men fan fierren de poarte fan Bears;  
Dat wie eat fan it paradys.

De bûterblommen, de bûterblommen;  
Dat is it heimnis, dat ik net ûntriedselje kin.  
"Har tril oerfrediget it leauwende fjild;  
de fierte is fan har lok besyld."

Komt it, om't it sa lang al wie?  
Dy stille fierens fan it lân?  
Dy spitse tuorkes, wa ken se derút?  
Men ferjit it dochs jimmeroan.

"Ja, dat is Weidum, en dat Mantgum, mar  
Dy dêr fierder?" "Dat bin Littens en Baard.  
En fan Tsjom, dy kinsto hjir ek noch sjen;  
Dy ljochte, grize, dy lange pin.

Dan is men ek hast oan Frjentsjer ta,"  
"Wat leit dat dan tichtebij!"  
"Ik tink, fanôf dy skuorre-naal,  
Dan koesto de see wol sjen."

En men seach nei in inkelde bûterblom,  
Doe't Postma mear nammen sei,  
men stoarre nei dy ile pin fan Tsjom  
Hoe fier as Fryslân lei.

't Wie oft men simmers lang wenne hie  
Yn 't fan beammen beskade Fûns.  
Dat men wenne, op Tritsum, Laakwerd en Koum;  
Ja, ienkear sels op 't Westerhûs.

Op Hessens, op Wammert, op Hatsum, op Wier.  
Op tûzen plakken, yn tûzen jier.  
Mûlk kaam men wol altyd, op 't earste werom...  
En doe... siet er, in flintêr, op dy bûterblom.

*It Heitelân 1950, side 187*

### **It Frysk fan de balling**

It Frysk is ryk, it is in tovertaal,  
as poarperen wolkens oer de Cordilléras,  
stean ik ek op de sodzige boaiem fan izeroer  
tusken de kattendurten fan it kwadernaat.

It Frysk is in woldied yn myn ynwindige,  
it stik, dêr't ik de Mérimos weidzje,  
dêr it gers ticht en fyn is en trochweefd  
mei de blommen fan it paradys.

Stean ik ek yn skurve lapen,  
dêr it bleat as peslein trochhinne kipet,  
en hâld myn waaiende snoer oan de wyn  
dêr tusken swarte wieren gjin byt is.

Wanhoopte ik ek by in kop kofje  
en by de warberens sûnder hert,  
it Frysk hat syn ferve yn my  
as it pearske reinen yn de Los Andes.

It Frysk is yn my lein  
mei tûzen lytse bytsjes,  
as roaze ballontsjeheide  
yn de skreefkes fan de klingen.

Skelt men my ek foar húchler  
yn de warandes fan Cuàdor,  
ik hâld de tried fêst  
wêr de lapen oan útskuorre.

It Frysk is fan it wurk yn my  
dat de lange rige fan myn foarâlden diene;  
skelt men my ek om myn loaiens  
Dy adel seinget my.

Dêrfandinne kin ik alles begripe,  
it rint my by de piip yn en by de mouwe wer út,  
skimmelt it hier my ek oan de sliepen  
ik hear oeral, wat my "leave" nearmt.

*It Heitelân 1950, side 236*

### **It fanke by de Cunera-toer**

'k Rin simmermiddeis sa faak nei de Ryn  
de sinne is dan hjit as in ûn,  
yn de strjitsjes is it sa hoar en fyn  
dat men leafst mar hoasfuotling rûn.

Dêr sit ik en dream en skôgje de Ryn  
en de hege Cunera-toer;  
dy hat fan ljochte stien in kroan,  
de sêge wiuwt fan har oer.

't Is as in boek mei wite blêden,  
de sucht fan de Ryn slacht se om;  
sa tear en trochljocht bin de skaden,  
op de wâl bloeit de giele blom.

Ik moat dochs ynlik dêrnei harkje,  
it ferhaal giet sûnder dat ik it wol,  
no binne de blêden kleurich betekene,  
se stean mei letterkes krol en fol.

*It Heitelân 1951, side 197*

### **It Skoatster kroantsje**

De Skoatster wykoppen binne Jiskepûster,  
mar do sjochst in kroantsje yn har hier.  
En do sjochst in rinkje mei in roazestien,  
oan in hân as fan in prinsesse.

O, ried hja foarby yn in fergulde wein,  
it die my neat, mids al it jûchhei.  
Mar no't hja tsjinnet yn nederich goeddwaan,  
ropt it in wûndermoal mearke yn my.

*It Heitelân 1950, side 258*

### **Sirkus**

Sjoch, hoe't de clowns de piste yn tûmelje yn 't fallen behurde,  
as it hekwurk oprjochte wurdt fan de liuwe-kouwe  
of, de equilibre-line spand, mei katrollen en touwen  
as de matten útrôle of de trapezetouters losheakke wurde.  
Middeis en jûns yn de fleur fan 't jûchhei -  
de earmoed ferlaitsje yn de keninklike dei  
hûndert kear itselde wer, skrieme troch wetterspriten  
mei reade pruken, skurve rútsjese habiten.  
Sjoch harren as ferdiene mannen gear,  
as de wite hynsten skelle-rûzeljend keare:  
de kop yn 't straffe helter, moannewapperjend tûrneare.  
De kapel spilet feestlike rôfdiermeldijen,  
in hegeskoallerider lit syn hoars dûnsje sabeare,  
ynhâlden ammet de mésyk, folget him hearsum en mijen.

*It Heitelân 1951, side 200*

### **De gettenizeren lantearnen fan "Klein Jagtlust"**

*it testamint*

Ik ken de jûn fan it symmetrysk hûs, dat ik hjitte soe  
Om de gettenizeren lantearnen by de stoepe oan te stekken.  
Foar it hûs mei de latsjebliken en de spjirrebeammen yn tobben.  
't is de jûn, as de fealens fan it hiem troch it hûs leit.  
Se soene barne per gratia fan in ynderlik gerjocht,  
Net foar in ljochte gong en drokke keamers fan in feest.  
Se soene barne, sa't it like, omdôch...  
Mar dy't it seach, hy wist it troch de jierren noch.

*It Heitelân 1951, side 5*

### **July-snein op "Jagtlust"**

De sinne dy't my fanôf it jura ken,  
en de ferwielbeam dy't in himelske snein begjint,  
en it lytse fûgelt, alles meimelkoar,  
it hat my wer sa yn it Fryske yn  
dat ik neat oars mear betinke kin,  
as wat ik waard en wat ik bin:  
yn himelske eagen fan sinneskyn  
by in boumantsje-wipsturt oandachtich yn 't grint,  
in ka yn 't gazon, dy't glânzgjend ferrint,  
in swierjende mich, gerdyntsjes, blyn,  
myn eigen needlot dat my berint -  
in clown, yn de preal fan in sirkustint.

*De Tsjerne 1952, side 177*

**Testament** van de heer A.H.Th. Jorritsma te Oranjewoud, d.d. 8 Maart 1951. Kantoor van W.G. Gramser, Notaris te Noordahuizum.

Heden de achtste Maart negentienhonderd een en vijftig, verscheen voor mij, Willem Gerrit Gramser, notaris in het Arrondissement Leeuwarden, ter standplaats Noordahuizum, in tegenwoordigheid van de nader te noemen twee aan mij, notaris, bekende getuigen:

de heer Aurelius Hotze Theodorus Jorritsma, schrijver, wonende te Oranjewoud onder Oudeschoot, Prinses Wilhelminaweg nummer 73, aan mij, notaris, bekend, die na vroeger, buiten de tegenwoordigheid van getuigen, zijn uiterste wil zakelijk aan mij, notaris, te hebben opgegeven, tengevolge waarvan ik, notaris, het opstel daarvan heb doen schrijven, thans die wil, alvorens de voorlezing daarvan is geschied, nader zakelijk en in tegenwoordigheid van de getuigen, aan mij, notaris, heeft herhaald, waarna door mij, notaris, in tegenwoordigheid van de getuigen aan de comparant voorlezing is gedaan van de bewoordingen waarin zijn uiterste wil is in geschrift gebracht, luidende als volgt:

"Ik herroep alle vroegere door mij gemaakte uiterste wilsbeschikkingen. Ik wens bij deze op te richten de stichting "RELY JORRITSMAFONDS" gevestigd in de gemeente Baarderadeel.

Als kapitaal voor deze stichting zal gelden mijn gehele nalatenschap. Ik benoem deze stichting daartoe tot mijn enige en algehele erfgename.

Het doel van de stichting is het bevorderen van de Friese letterkunde.

Het bestuur van de stichting wordt gevormd door het bestuur van "de Fryske Bibleteek" en zo deze niet meer bestaan mocht door Burgemeester en Wethouders van de gemeente Baarderadeel of welk openbaar lichaam daar ooit voor in de plaats mocht komen.

Het bestuur zal gemeld doel nastreven door het netto inkomen van het fonds (behoudens na te noemen beperkingen) te bestemmen als prijs voor twee, ieder jaar in te stellen prijsvragen voor Friese letterkunde, te weten: één prijsvraag voor vrije Friese gedichten, welke prijsvraag beloond wordt met een/vijfde gedeelte van de betrekkelijke jaarlijkse netto opbrengst van het fonds en één prijsvraag voor beknopte verhalen in Fries proza (zogenaamde schetsen); welke prijsvraag beloond wordt met vier/vijfde gedeelte van de betrekkelijke jaarlijkse netto opbrengst van het fonds.

Deze beloningen worden voor ieder onderdeel afzonderlijk verdeeld onder de vijf beste inzenders voor ieder onderdeel en wel voor ieder voor gelijk deel of zo er minder dan vijf inzenders voor één of meer onderdelen zijn, voor degenen die in zonden, tenzij de jury van oordeel is, dat de inzenders, die voor een beloning in aanmerking komen, niet geheel voor de in uitzicht gestelde beloning behoren te komen. (Alleen de kwaliteit van het ingezondene, gekeurd op zijn letterkundige waarde zal op een dergelijk

besluit van invloed mogen zijn.) Het bestuur is vrij krachtens een dergelijk besluit vrijkomende gelden een bestemming te geven mits deze bestemming is overeenkomstig het doel van het fonds.

De keuze van de vijf beste inzenders voor ieder onderdeel zal - zonder dat hoger beroep of enige actie mogelijk is - worden gedaan door een jury van drie scheidsmannen, te benoemen door het bestuur van de stichting, bij voorkeur bestaande uit twee redacteurs van Friese tijdschriften en een bestuurslid van een instelling welke de Friese letterkunde steunt of bevordert.

Eén bestuurslid van het fonds mag als jurylid optreden. De juryleden ontvangen ieder vijf en twintig gulden per jaar voor hun werkzaamheden.

Ieder jaar, nadat de netto opbrengsten van het fonds zijn vastgesteld, zullen oproepingen geplaatst worden in die bladen, welke daarvoor volgens het bestuur in aanmerking komen, om te dingen naar de beide prijzen. In deze oproepingen zullen de voorwaarden in het kort worden vermeld, speciaal ook de termijn waarvoor de inzendingen binnen moeten zijn. De voorwaarden worden door het bestuur vastgesteld overeenkomstig het doel van de stichting. Deze moeten aan eventuele gegadigden na daartoe gedaan verzoek, volledig worden medegedeeld, waaronder ook behoort het vermoedelijk te verdelen bedrag voor iedere afdeling, waarvan de verhouding dus steeds een (voor gedichten) staat tot vier (voor zogenaamde schetsen) zal zijn.

Dadelijk na het verstrijken van de termijn gaat de door het bestuur ingestelde jury zijn taak beginnen, welke taak zo spoedig mogelijk moet zijn voltooid.

De leden van de jury worden elk jaar opnieuw benoemd. De leden kunnen te allen tijde, dus ook indien zij hun taak niet naar behoren of niet tijdig genoeg vervullen, door het bestuur worden ontslagen, welk bestuur dan voor aanvulling zorg draagt.

De uitslag van het werk van de jury wordt dadelijk na de vaststelling openbaar gemaakt in dezelfde bladen als de oproepingen geplaatst zijn, terwijl de prijswinnaars zo mogelijk, aan hun persoonlijk adres bericht ontvangen.

Dadelijk na deze berichten moet het bestuur de uitbetaling van de uitgeloopte prijzen doen plaats hebben."

Na welke voorlezing door mij, notaris, in tegenwoordigheid van getuigen, aan de comparant is afgevraagd of die bewoordingen voor hem duidelijk zijn en zijn uiterste wil bevatten, waarop door de comparant, mede in tegenwoordigheid der getuigen toestemmend is geantwoord.

Waarvan acte in minuut. Verleden te Oranjewoud onder Oudeschoot op de in het hoofd dezer vermelde datum, in tegenwoordigheid van de heren Johannes Douma, zonder beroep en Sible Andela, rustend arts, beide

wonende te Oranjewoud onder Oudeschoot, als getuigen. Onmiddellijk na gedane, algehele voorlezing is deze acte door de comparant-testateur, de getuigen en mij, notaris, ondertekend.

A.H.Th. Jorritsma. Joh. Douma. S. Andela. Gramser.

Uitgegeven voor eerste afschrift door mij, Auke Sybenga, Candidaat-notaris, wonende te Dokkum, waarnemende het vacante kantoor van de notaris Willem Gerrit Gramser te Roordahuizum, de 28 Maart 1951.

[Stimpel fan Notaris W.G. Gramser en hantekening fan A. Sybenga.]

***de Rely Jorritsma-priis***

## De Rely Jorritsma-priis

*Oersjoch fan it bebroande wurk, de publikaasjes, it tal ynstjoeringen, de plakken en data fan de priisútrikkingen en de gearstalling fan de karkommisjes.*

It neifolgjende jout per jier in oersjoch fan it bebroande wurk mei dêrby foar safier't dat te efterheljen wie, ynformaasje oer wêr't dat wurk publisearre is. Allinne as in bebroand wurk net publisearre is yn in útjefte dy't ta stân kommen is ûnder auspysjes fan it Rely Jorritsma Founs, is besocht om de publikaasje op te jaan dêr't it wurk foar it earst yn ferskynd is. Yn alle oare gefallen is allinne de troch it Founs besoarge útjefte opjûn.

By de opjefte fan de gearstalling fan de karkommisje is de lêstneamde persoan it lid dat yn dat jier syn funksje fan karkommisjelid delleit.

Oant no ta waard de Rely Jorritsma priis 38 kear útrikt. Yn 1955 foar it earst en op 3 oktober 1992 foar de 38ste kear. 2 oktober 1993 sil de priis foar de 39ste kear útrikt wurde. Der hat gjin jier west dat de priis net útrikt waard. Betiizjend is dat de prizen dy't útrikt binne tusken 1955 en 1979 oantsjut wurde as de prizen dy't wûn binne yn de priisfragen útskreaun yn de jierren dy't oan de útrikking foarôfgeane, wylst fan 1980 ôf mei dy gewoante ophâlden is. As de âlde manier oanhâlden wie, dan soene wy by de útrikking op 2 oktober 1993 oansteande prate moatte oer de prizen dy't wûn binne yn de priisfraach oer 1992! Ien en oar hat te krijen mei it prizejild. De rinte dy't wûn wurdt oer it jier foarôfgeand oan de útrikking beskiedt it prizejild. Sa is bygelyks de rinte oer it Rely Jorritsma-kaptaal fan 1992 beskiedend foar wat yn 1993 oan prizejild útkeard wurdt. Yn it oersjoch is oansletten by hoe't de prizen oantsjut binne. Om't, lykas oanjûn, yn 1980 de priis neamd waard nei it jier dat de priis ek útrikt waard, ûntstie in brek yn de telling. Om dy reden stiet by it jier 1979 dat de priis net útskreaun waard. De priisfraach, wêrby't it prizejild dat wûn waard út de rinte oer 1979 wurdt dan net mear de priisfraach 1979 neamd, mar hyt de priisfraach 1980, dus nei it jier fan útrikking.

1954

Fersen:

O. Postma, 'Fan de fjouwer eleminten', s. 9-10;  
Hein F. Faber, 'De rounte', s. 11;  
Inne de Jong, 'Yn lyts bistek', s. 12-13;  
Dam Jaarsma, 'Allinne', s. 14;  
S.S. de Jong Dsn., 'Sonnetten', s. 15-17.

Ferhalen:

G. Mulder, 'Om de romte', s. 21-32;  
Y. Poortinga, 'Hinkjend yn 't Paradys', s. 33-57;  
Baukje Fokkema, 'De susters', s. 58-67;  
Hein F. Faber, 'Mislearre reis', s. 68-80;  
P. Akkerman, 'De hinnebuorkerij "Aurora"', s. 81-88.

Publisearre yn: *Twaris fiif. Fersen en sketsen bebroand yn de priisfraach 1954 fan it Rely Jorritsma Founs*, Snits, Brandenburgh en Co., 1955.

Ynstjoeringen: 26 fersen en 31 ferhalen.

De prizen waarden útrikt te Mantgum op 22 septimber 1955.

De karkommisje bestie út: G. Dijkstra, J. Piebenga en U. van Houten.

.....

1955

Fersen:

A. Jousma, 'Trije roundelen', s. 187;  
Marten Sikkema, 'Oantinken', s. 187;  
Ella Wassenaer, 'Brân', s. 187.

Publisearre yn: *It Heitelân. Algemiens Frysk Moanneblêd*, 34e jiergong, 1956.

Ferhalen:

P. Akkerman, 'De brânstifter', s. [7]-18;



W. Cuperus, 'S.D.G.', s. [19]-29;  
Inne de Jong, 'Yntermezzo', s. [31]-48;  
R. Leenstra, 'De wiksel', s. [49]-56;  
P. Terpstra, 'Beatrix', s. [57]-74.

Publisearre yn: *Mei de pinne helle. De tsien bêste sketsen út de priisfraech 1955 fan it Rely Jorritsma Founs*, Snits, Brandenburgh & Co., [1957].

Ynstjoeringen: 26 fersen en 31 ferhalen.  
De prizen waarden útrikt te Mantgum op 23 juny 1956.  
De karkommisje bestie út: K. Fokkema, G. Dijkstra en J. Piebenga.

.....

1956

Fersen:

A. Jousma, 'It sil allegearre wol gewoan wêze', s. 9-10;  
Y. Poortinga, 'Wylde balsem', s. 11;  
Marten Sikkema, 'Mearke-dei', s. 12.

Ferhalen:

J. Bilker, 'De Jacqueline-bocht', s. 13-26;  
Hein F. Faber, 'Weromfoardere', s. 27-34;  
Geart Jonkman, 'Ik haw dy leaf, dat is 't him', s. 35-49;  
A. Jousma, 'De mantel fan de profeet', s. 51-67;  
G. Mulder, 'Fuort net op 'e knibbels', s. 69-76.

Publisearre yn: *Dûbelde Hael. De fersen en ferhalen bikroand yn de Priisfragen 1956 en 1957 fan it Rely Jorritsma Founs*, Snits, Brandenburgh & Co., [1958].

Ynstjoeringen: 13 fersen en 17 ferhalen.  
De prizen waarden útrikt te Mantgum op 9 juny 1957.  
De karkommisje bestie út: H.J. Brouwer, K. Fokkema en G. Dijkstra.

1957

Fersen:

Tsjits Peanstra, 'Fiif fersen yn memoriam', s. 83-84;  
Durk van der Ploeg, 'Apel en hout', s. 85-88;

Jo Smit, 'Ein', s. 89.

Ferhalen:

Hein Faber, 'De fuotleasten', s. 91-105;  
G. Mulder, 'De grêven sille iepene wurde ...', s. 107-113;  
Y. Poortinga, 'Tristan yn it deadelân', s. 115-131;  
P. Terpstra, 'De stien', s. 133-142.

Publisearre yn: *Dûbelde Hael. De fersen en ferhalen bikroand yn de Priisfragen 1956 en 1957 fan it Rely Jorritsma Founs*, Snits, Brandenburgh & Co., [1958].

Ynstjoeringen: 17 fersen en 22 ferhalen.  
De prizen waarden útrikt te Mantgum op 10 maaie 1958.  
De karkommisje bestie út: G. Brouwer, H.J. Brouwer en K. Fokkema.

.....

1958

Fersen:

Tsjits Peanstra, 'Diminsjes', s. 9-10;  
Durk van der Ploeg, 'Ut it hûs fan de sliep', s. 11-16;  
Jo Smit, 'Hjerst', s. 17-18.

Ferhalen:

P. Akkerman, 'Hûndert kilo plastic', s. 19-32;  
A. Jousma, 'Goadejefte', s. 33-49;  
G. Mulder, 'Frou foar freedts', s. 50-62;  
Tiny Mulder, 'Nachttrein nei Chicago', s. 63-73.

Publisearre yn: *Mantgumer mijtte. De fersen en ferhalen bikroand yn de Priisfragen 1958, 1959 en 1960 fan it Rely Jorritsma Founs*, Boalsert, A.J. Osinga N.V., 1962.

Ynstjoeringen: 4 fersen en 25 ferhalen.  
De prizen waarden útrikt te Mantgum op 6 juny 1959.  
De karkommisje bestie út: H.K. Schippers, G. Brouwer en H.J. Brouwer.

.....

1959

Fers:

G. Mulder, 'Stêd', s. 81-82.

Ferhalen:

P. Akkerman, 'Ien misstap', s. 83-91;

G. Jonkman, 'De Ieffert gean de kleuren op en del', s. 97-107.

Publisearre yn: *Mantgumer mjitte. De fersen en ferhalen bikroand yn de Priisfragen 1958, 1959 en 1960 fan it Rely Jorritsma Founs*, Boalsert, A.J. Osinga N.V., 1962.

Ynstjoeringen: 18 fersen en 23 ferhalen.

De prizen waarden útrikt te Mantgum op 28 maaie 1960.

De karkommisje bestie út: A.M.C. van der Minne-Buma, H.K. Schippers en G. Brouwer.

.....

1960

Fersen:

G.G. Brouwer, 'Pakhúsfeint', s. 117-118;

J. Dotinga, 'âldershûs', s. 119.

Inne de Jong, 'Moarnstjerre', s. 120;

Durk van der Ploeg, 'Profeet', s. 121.

Ferhalen:

M. Apperloo, 'It andert', s. 122-141;

G. Jonkman, 'Dou nei hûs... Gij naar Irnsum', s. 142-150;

P. Terpstra, 'It forhael', s. 151-164.

Publisearre yn: *Mantgumer mjitte. De fersen en ferhalen bikroand yn de Priisfragen 1958, 1959 en 1960 fan it Rely Jorritsma Founs*, Boalsert, A.J. Osinga N.V., 1962.

Ynstjoeringen: 17 fersen en 23 ferhalen.

De prizen waarden útrikt te Mantgum op 27 maaie 1961.

De karkommisje bestie út: T.J. de Jong, A.M.C. van der Minne-Buma, H.K. Schippers.

.....

1961

Fersen:

Jan Dotinga, 'Unbiwenber forklearre', s. 9;

Anne Jousma, 'Redbads dea', s. 10-17;

Tiny Mulder, 'beam fan it biminnen', s. 18;

Tsjits Peanstra, 'Israël', s. 18-19;

Tjitte Piebenga, 'Duet foar dy', s. 21-22.

Ferhalen:

Hein Faber, 'It koarte forheftige libben fan Pomarius de Jager', s. 23-31;

A. Jousma, 'Reis nei Switserlân', s. 32-44;

Tjitte Piebenga, 'Boartsje mar', s. 45-50.

Publisearre yn: *De souwe treast. Fersen en ferhalen bikroand yn de priisfragen 1961-1965 fan it Rely Jorritsma Founs*, Boalsert, A.J. Osinga n.v., [1969].

Ynstjoeringen: 19 fersen en 22 ferhalen.

De prizen waarden útrikt te Mantgum op 16 maaie 1962.

De karkommisje bestie út: J. Noordmans, T.J. de Jong en A.M.C. van der Minne Buma.

1962

Fers:

Tiny Mulder, 'brief encounter', s. 59-60.

Ferhalen:

Paulus Akkerman, 'De smjunt', s. 61-65;

Geart Jonkman, 'Et maintenant ...', s. 66-73;

Tsjits Peanstra, 'As Irene komt', s. 74-78;

Durk van der Ploeg, 'Prolooch fan de iensumheit', s. 79-89;

Trinus Riemersma, 'Minske tusken ierde en himel', s. 90-107.

Publisearre yn: *De souwe treast. Fersen en ferhalen bikroand yn de priisfragen 1961-1965 fan it Rely Jorritsma Founs*, Boalsert, A.J. Osinga n.v., [1969].

Ynstjoeringen: 17 fersen en 22 ferhalen.

